




Praat mar Toaniell! by:

Lindbergh door Torben Kuhlmann



Geskikt foar groep: 4, 5 & 6

Rûte: Mûs, de trouwe freon

Lês twa siden foar en lit de printen út it boek sjen:

Grutte klauwen hellen út nei de lytse mûs.

Hy dûkte djip yn de piloatestoel, knypte de eagen stiif ticht en luts mei alle kracht oan de stjoerkneppel! De lytse fleanmasine stode oer de râne hinne en.....fleach!

Mar de ûlen joegen net op en fleagen oerémus achter him oan. Ien besocht him oan de sturtfin fêst te klamjen! De lytse mûs skuorde it stjoer om. It hiele fleantúch kaam op ien kant te lizzen en makke in steile bocht, foar de achterfolger in te komplekse manoeuvre.

It fleantúch draaide al mar heger de himel yn. De ienris sa grutte tsjerketoer wie net folle mear as in lyts streepke tusken de wolken. En de ûlen joegen it úteinlik op.

Bepreat de drege wurden

Ik lês en jimme spylje



De learkrêft fertelt dat it ferhaal nochris lêzen wurdt en dat de bern spylje meie wat der sein wurdt. Se meie allegear stean gean foar harren stoel. Se spylje de iene kear mûs en de oare kear ûle.

Grutte klauwen hellen út nei de lytse mûs.

Jaaa, lit goed sjen hoe grut dy klauwen binne en....helje út nei lytse mûs)

Hy dûkte djip yn de piloatestoel

De bern gean op har stoel sitten

knypte de eagen stiif ticht

en luts mei alle kracht oan de stjoerkneppel!

ensfh

Ekstra (foar groep 6)

De klasse wurdt ferdiel yn groepkes fan trije bern. Elk groepke krijt boppesteande tekst. De learkrêft leit earst de opdracht út.

Opdracht

Lês en spylje no mei jimme groepke it ferhaal.

Der binne trije rollen:

1. De foarlêzer
2. De mûs
3. De ûle

Ferdiel earst de rollen.

De foarlêzer lêst it ferhaal goed op toan foar. Tink erom dat it goed spannend wurdt....

De mûs en de ûle spylje it ferhaal.

Klear? Wikselje fan rol.

